

Dit is de dei, dit is it stuit

1

Dit is de dei, dit is it stuit:
de himel dy't mei leafde struit
en fjoer op alle hollen jit.
Dit is de dei fan Gods ûnthjit!

2

't Feest fan 'e risping brekt no oan,
de frucht fan Peaske set de toan.
Gods earsteling ferliet grêf
en follet ús mei geast en krêft.

3

Dit is de dei dat wy ferstean:
Gods Geast is yn 'e minsken fearn.
Wy azemje syn wêzen yn
en binn' net langer dôf of blyn.

4

No is it tiid, de dei set yn
op wjukken fan in nije wyn.
De grinzen sille iepengean
en minsken wer elkoar ferstean.

5

Dit is de dei fan 't heechste wurd.
Wa't sprakeleas wie ropt it út.
En oeral klinkt in nij ferhaal
fan wat God die yn minsketaal.

6

Wat ûnfolsein of breklik is
wurdt hiel, God komt yn ús gemis.
Syn plan dat ús in riedsel wie
wurdt útteard yn it iepenbier.

7

In âlde dream, in nij gedicht:
in wrâld fan frede komt yn sicht.
Dit wurdt in grutte himmeldei,
dat oeral leafde wenje mei.

8

Dit is de dei fan lyts en grut,
no't elk mei Geast besiele wurdt.
As diggelfjoer giet leafde rûn.

Dit is de dei fan 't nij ferbûn!

tekst Sytze de Vries, by Hannelingen 2:1-13 en Romeinen 8:18-30

oersetting David de Jong

meldij Willem Vogel

Dit liet kin ek songen wurde op de meldij fan LB 871.